

PARSEBERJOCHT

07 juny 2017

Fiel de Nacht: de gasten binne bekend

Fan 19 o/m 23 juny, alle dagen fan 21.00 oant 6.00 oere op Omropfryslan.nl

Prate oer it libben, stil wêze fan de natuer, pikerje oer it tsjuster en dreame oer de nije dei. Omrop Fryslân presintator Bart Kingma praat yn it nachtlke onlineprogramma 'Fiel de Nacht' mei Marijke Roskam, Jan Posthuma, Rients Ritskes, Greetje Bijma en Bearn Bilker oer harren libben en driuwfearren. Dat alles bart fan in unike lokaasje op It Amelân ôf; de uterste eastpunt, middenyn de dunen fan It Oerd.

Jan Posthuma wie derby doe't it Nederlânsk follybalteam goud wûn op de Olympyske Spelen yn Atlanta, it sportmomint fan de 20ste iuw. Greetje Bijma stiet op de grutste ynternasjonale jazz-poadia en kin har stim behearskje as gjin oar.

Oare gasten yn Fiel de Nacht binne: Marijke Roskam, dy't as deifoarsitter en mediatrainer grutte ûndernimmers en organisaasjes helpt better foar it ljocht te kommen. Zenmaster Rients Ritskes, dy't managers lykas Herman Wijffels meditearjen learde en darter Raymond van Barneveld nei it wrâldkampioenskip coachte. En Bearn Bilker, dy't net allinnich boargemaster is, mar ek de grutste keningshûskenner fan Fryslân.

It is de twadde kear dat Omrop Fryslân it programma de hiele nacht livestreamt. Oan de ein fan it jier wurde de nachtlke petearen nochris gearfette ta kompakte útstjoeringen. Dy wurde om de krystdagen hinne op telefyzje útstjoerd.

Fiel de Nacht:

Fan 19 o/m 23 juny: alle dagen fan 21.00 oant 6.00 oere fia in livestream op Omropfryslan.nl en de Omrop-app. Sjoch foar mear ynformaasje oer it programma en de gasten op: Omropfryslan.nl/fieldenacht.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje, tel: 058 299 78 76.

PERSBERICHT

07 juni 2017

Fiel de Nacht: de gasten zijn bekend

Van 19 t/m 23 juni, elke dag van 21.00 tot 6.00 uur op Omropfryslan.nl

Praten over het leven, stil zijn van de natuur, piekeren over het duister en dromen over de nieuwe dag. Omrop Fryslân presentator Bart Kingma praat in het nachtelijke onlineprogramma 'Fiel de Nacht' met Marijke Roskam, Jan Posthuma, Rients Ritskes, Greetje Bijma en Bearn Bilker over hun leven en drijfveren. Dat alles gebeurt vanaf een unieke locatie op Ameland; het uiterste oostpunt, middenin de duinen van Het Oerd.

Jan Posthuma was erbij toen het Nederlands volleybalteam goud won op de Olympische Spelen in Atlanta, hét sportmoment van de 20ste eeuw. Greetje Bijma staat op de grootste internationale jazz-podia en kan haar stem beheersen als geen ander.

De andere gasten in Fiel de Nacht zijn: Marijke Roskam, die als dagvoorzitter en mediatrainer grote ondernemers en organisaties helpt om beter voor de dag te komen. Zenmeester Rients Ritskes, die managers zoals Herman Wijffels leerde mediteren en darter Raymond van Barneveld naar het wereldkampioenschap coachte. En Bearn Bilker, die niet alleen burgemeester is, maar ook de grootste koningshuiskenner van Fryslân.

Het is de tweede keer dat Omrop Fryslân het programma de hele nacht livestreamt. Aan het einde van het jaar worden de nachtelijke gesprekken nogeens samengevat tot compacte uitzendingen. Deze worden rond de kerstdagen op televisie uitgezonden.

Fiel de Nacht:

Van 19 t/m 23 juni: elke dag van 21.00 tot 6.00 uur via een livestream op Omropfryslan.nl en de Omrop-app. Kijk voor meer informatie over het programma en de gasten op:

Omropfryslan.nl/fieldenacht.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie, tel: 058 299 78 76.